It Fryske tydskrift foar bern fan de boppebou

Tsjil

Us spoar

TREINEN MEI BISTE-NAMMEN



KRÛDEN LÂNS IT SPOAR



WENNESTO OAN IN SPOAR-STRJITTE?

De gouden spiker

Zweinstein express

Nije webside Tsjil Tsjekt

Amin wurket yn it nasjonaal modelspoarmuseum

2

Jiergong 30
novimber – desimber 2026

Ynhâld

3 Kom fierder en poster
Wêr giet dyn reis hinne?

4 Gedicht
Tienertoer

5 Sjoch my
Amin by it modelspoarmuseum

6 Der op út
Krûden lâns it spoar

8 Sydstrjitsje
Stasjonstrjitte en spoarstrjitte

10 Koart ferhaal
Werom yn ’e tiid

12 Tsjil Nijs
Tsjil Tsjekt en oare filmkes

13 Net te leauwen
Treinen mei bistenammen

14 Tsjek dit
Gekke weetsjes

16 No Sa
Spoar yn Amearika

18 Der op út
Modelspoarmuseum Snits

19 Puzelside
Puzels en mopkes

20 Strip
Bauke, Nynke en Bram



5



8



16

Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan ’e basisskoalle.

Redaksje:
Tjitske van Akker en
Gabrielle Terpstra
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Dandez (Daniël Gerritsen)
Foto foarkant:
Fotobureau Hoge Noorden
Jacob van Essen

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oanmelde. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útjûn. De digitale ferzy is te finen op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr’t byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy’t lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo’s. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl


Frysk, foar no en letter

De folgjende halte is…



Moai datst de Tsjil wer yn hannen hast. De measte siden yn dizze Tsjil geane oer treinen en treinspoaren. Wy koenen net wachtsje om dit nûmer nei jimme ta te stjoeren want der steane in hiel soad leuke weetsjes yn. Sa ûntdekst dat der in hiel moai museum yn Snits is, datst fanút de trein in hiel soad sjen en leare kinst en wêrom’t in strjitte soms Stasjonsstrjitte hjit, wylst der hielendal gjin trein yn ’e buert is.

Sels haw ik in part fan myn bernejierren yn Blije en Ferwert wenne. Lang lyn gie dêr in treinspoar del dat Ljouwert en Dokkum mei-inoar ferbûn, oant Eanjum ta. De spoarline fan 47 kilometer lang krige de bynamme ‘it Dockumer Lokaeltsje’. Yn it lânskip kinst noch goed de spoaren fan it spoar sjen.



Mochtst in kear yn Skotlân op fakânsje wêze, dan is it ek hiel aardich om nei it Glenfinnan-fiadukt te gean. Dêr rydt nammentlik de trein oerhinne dêr’t Harry Potter yn siet ûnderweis nei Zweinstein. Sels haw ik it fiadukt yn it echt sjoen én ik haw mei de bleate fuotten yn The Black Lake stien, dy’t faak te sjen is yn ferskate Harry Potter-films. It is dêr prachtich!

Hâldst fan treinen mar sikest it wat tichter by hûs, dan kinst miskien yn in wykein of fakânsje in dei nei it Spoorwegmuseum yn Utert gean. Kinst der sels in skoalreisje fan meitsje. Sjochst dy dêr de eagen út! En masters en juffen, der steane lessen online op de webside fan dit museum.

In soad lêswille!
Groetnis,

Tjitske

Poster

Yn Fryslân is net elkenien it wend om mei de trein te reizgjen. Dochs is it wol hiel leuk om ris mei te meitsjen. Do sjochst fan alles ûnderweis en de trein rydt lekker fluch. Hingje de poster yn de klasse of yn skoalle op en freegje oan inoar wêr’t jimme wolris hinne wolle op reis. En hoe kinst dêr dan komme? Yn dyn fantasij kin alles!



Gedicht

Tienertoer

Tegearre mei Jip sil ik op toer
Wy reizgje de wrâld oer
Mei in Interrail Global Pas
wurde wy reizgers earsteklas

Net mear kampeare op Skier
Us plannen binne grut en fier
Wy sille nei Parys en Berlyn ta
En nei Madrid, Venetië en Barcelona

Yn Swol stappe wy yn 'e ferkearde trein
Mar Grins is ek moai en net sa'n ein
Wy misse in oansluting as trije
En yn Amsterdam kinne wy gjin hostel mear krije

Yn 'e Bijlmer ferjit Jip syn tas
En yn 'e tram ferlies ik myn jas
Nei twa dagen binne wy al wer thús
Dat reizgjen is neat foar ús



Sjoch my

Amin wurket yn it nasjonaal modelspoarmuseum



Amin wennet yn Boalsert en sit op basisskoalle De Blinker. Mei syn pake en beppe docht er frijwilligerswurk yn it Modelspoarmuseum yn Snits. Dêr helpt er graach mei, mar sjocht er ek graach om him hinne, want Amin is gek op modelspoaren en wit der mear fan as syn pake en beppe!

Wat dochst as frijwilliger by it Modelspoormuseum?
Ik help yn it museum, bygelyks yn de horeka! Ik rin ek rûn yn it museum foar as minsken fragen ha en soms ûntspoart der in trein. De folwoeksenen hawwe soms te grouwe fingers om him wer goed op it spoar te setten en dan mei ik helpe!

Hast thús ek modeltreinen?
Ik haw in Legotrein. By myn pake en beppe thús steane ek modeltreinen. Ik begûn mei in houten trein en in Legotrein. Ik haw ek de Orient Express fan Lego boud. Dy is foar minsken fan achttjin jier en âlder, mar ik fûn it bouwen eins wol maklik!

Wat foar modeltreinen hawwe jim by pake en beppe thús?
Wy hawwe dêr in stoomtrein en in GTW fan Arriva, dat is in type trein dat ek yn Fryslân rydt. Dy kinne wy bestjoere mei in Central Station. Dat is in apparaat dêr't wy de treinen mei bestjoere en programmearje kinne. Wy hawwe ek in draaiskiif. Dat is in rûn platfoarm dêr't in trein op draaie kin, sadat er in oare kant út kin. Fierder hawwe wy in loads dêr't de treinen stean kinne en in kraan. Myn pake hat eartiids ek sels dingen makke foar de modelbaan, bygelyks moaie bergen fan papier-masjee.





Hast in favorite modelbaan yn it museum?
Ja, de baan fan Kenneth Smith. Dat is in hiel grutte modelbaan mei in soad grapkes. Der bart fan alles! Der kin bygelyks in trein tsjin in peal oan ride. En der is in gluerder by in hûske en der binne bergen en snie.

Wat soest noch leare wolle oer modeltreinen?
Ik wol graach leare hoe't ik treinen programmearje kin. Ek wol ik leare hoe't ik in analoge trein digitaal meitsje kin.

Troch: Gabrielle Terpstra - Foto's: Hoge Noorden / Jacob van Essen

Krûden lâns it spoar

It geheim fan tûzenblêd

Hast wolris út it rút sjoen wylsto yn de trein sietst? Wylst de trein mei in flinke feart foarby raast, sjochst by it spoar lâns faak stroken gers, blommen en allerhande planten. Miskien liket it gewoan in stikje wylde natuer, mar eins is sa'n spoarberm in lyts natuergebietsje.

Der groeie allegearre krûden en blommen, lykas tûzenblêd, fluitekrûd, giele klaver, kamille, klaproas, lyts krûd, keningskaars, earrebarrebek, robertskrûd, slangkrûd, falkrûd, weversblêd en wylde peen (ek wol fûgelsnêstkes neamd).

En wist dat de trein sels in bytsje helpe kin om planten te fersprieden? As in trein foarby rydt, ferpleatst er in hiel soad lucht. Lytse, lichte siedsjes kinne troch dy loft meinommen wurde. Sa kin in siedsje ynienen in hiel ein fierderop telâne komme en dêr miskien wol groeie. De trein is dus in soarte fan ûnferwachte siedsje-taksysjauffeur!

In bysûnder krûd

Fan al dy planten by it spoar del wol ik ien wat better besjen: tûzenblêd. Tûzenblêd hat de moaie Latynske namme Achillea millefolium. Dy namme fertelt fuortendaliks in ferhaal. It earste wurd, Achillea, ferwiist nei Achilles, in ferneamde held út de Grykske ferhalen. Neffens in âlde oerlevering brûkte Achilles tûzenblêd om de wûnen fan syn soldaten te fersoargjen. Dêrom krige de plant eartiids ek nammen as soldatekrûd en tûzenblêd fan de ridder.





En dan it wurd millefolium. 'Mille' betsjut tûzen en 'folium' betsjut blêd. Ast goed nei de plant sjochst, snapst miskien wol wêrom. De bledsjes binne hiel fyn en feareftich ferdield. It liket suver oft de plant út in hiel soad lytse bledsjes bestiet. Tûzenblêd werkenst ek oan de lytse wite blomkes. Soms hawwe se in bytsje in rôze kleur. Al dy lytse blomkes steane ticht byinoar yn in plat skerm. De plant hâldt fan sinne en kin goed oer drûchte. Dêrom fielt er him prima thús yn in drûge spoarberm.



In plant mei in lange skiednis

Tûzenblêd is al iuwenlang in bysûnder krûd. Yn âlde krûdeboeken krige it in wichtich plak en eartiids stie it ek yn in soad kleastertunen en krûdetunen. Minsken brûkten it net allinnich as krûd, mar fertelden der ek allegearre bysûndere ferhalen oer. Sa waard tûzenblêd ferbûn mei rituelen, foarsizzingen en âlde gebrûken. Der waard bygelyks sein dat tûzenblêd ûnder de drompel fan in hûs helpe koe om spûken en kweageasten bûtendoar te hâlden. In âlde siswize wie sels: 'Wie netels en duizendblad in de hand houdt, kent geen schrik en vreest geen spook'. Oft dat echt wurke? Dat meist fansels sels betinke. Of al dy âlde ferhalen hielendal wier binne? Dat is net altyd bekend. Mar just dat makket planten sa nijsgjirrich. Se fertelle net allinnich wat oer de natuer, mar ek oer de minsken dy't eartiids mei dy planten libben.

In natuerlik pleisterke

Tûzenblêd waard eartiids foaral sjoen as in wûnekrûd. Minsken kniesden de farske bledsjes en leine se op lytse wûntsjes om it blieden te stjelpen. Dêrom waard it ek wol as in soarte fan natuerlik pleisterke sjoen. Der bestiet sels in âlde leginde oer Jozef en Jezus. Neffens it ferhaal wie Jozef oan it wurk as timmerman doe't er himsels mei in mes ferwûne. Jezus soe gau nei bûten draafd wêze, tûzenblêd plôke hawwe en dat op de wûne lein hawwe. Yn it ferhaal genies de wûne dêrnei tige hurd. It is in moai âld ferhaal, mar hjoed-de-dei wit elkenien dat je in snijwûne earst goed skjinmeitsje moatte.

Tûzenblêd op dyn board?

Je kinne tûzenblêd ek brûke yn de keuken. Foaral de jonge bledsjes waarden eartiids iten. Se kinne bygelyks yn in salade of yn sop brûkt wurde. De fine bledsjes sjogge der boppedat prachtich út as fersiering op in raukostsalade. Eartiids waarden de bledsjes sels klearmakke as spinaazje.

Mar tink derom: yt noait samar in plant dy'tst lâns it spoar fynst. Planten by it spoar del kinne fersmoarge wêze en boppedat moatst altyd wis wêze mei hokker plant ast te krijen hast. Wylde planten sammelje en ite dogge je allinnich mei ien dy't dêr doel oer hat.

Dus de oare kear datst mei de trein reizgest en lâns it spoar sjochst, let dan ris goed op. Tusken it gers en de blommen stiet miskien wol in lyts plantsje mei wite blomkes en tûzenen fine bledsjes.



Troch: Tjitske Postma - Adema

Stasjonstrjitte en spoarstrjitte

Strjitnammen wurde oan strjitten jûn by nije, belangrike ûntwikkelingen. Jierren letter is de betsjutting fan de nammen faak ferdwûn. Hoe kin it dat der yn in doarp in Stasjonstrjitte of in Spoarstrjitte is, wylst der gjin stasjon is of rails binne? Lykas yn Tsjummearum, Stiens, Seisbierrum, Drachten en Dokkum?





Stasjonstrjitte en Spoarstrjitte
Oant 1860 hinne gie it iepenbier ferfier mei hynder en wein. Of mei de boat. Ast yn dy tiid fan Ljouwert nei Amsterdam woest, dan wiest 24 oeren ûnderweis. De diken wiene min begeanber, it wiene meast sânpaden. Ek foar it frachtferfier brûkte men ferfier oer it wetter. De minsken kamen faak har doarp of stêd net út. Doe't yn 1863 de spoarline Ljouwert-Frjentsjer-Harns iepene waard, wie dat grut nijs. De minsken koene folle makliker earne komme en de reis duorre folle minder lang. Der gie in nije wrâld foar harren iepen.

Letter kamen der mear spoarlinen by, ek nei de doarpen. Sa kaam yn 1902 Tsjummearum oan it spoar te lizzen, as diel fan de line Harns-Stiens, en Dokkum yn 1901 en noch folle mear doarpen troch hiel Fryslân. In hiele bekende line wie Ljouwert-Eanjum (it waard it Dockumer Lokaeltsje neamd). Net allinne minsken waarden ferfierd, mar ek in protte fracht lykas biten en ierappels. Stiens wie it hert fan de Noardfryske linen. Dêr wie in hiel grut ranzjearterrein.

Sa waarden in hiele protte doarpen ferbûn troch it spoar. Der waarden ek stasjons boud. Dat wiene moaie gebouwen, mei wachtromtes. Der wiene sels ferskillende klassen: de earste, twadde en tredde klasse. Eltse klasse hie in eigen wachtkeamer. De tredde klasse wie it goedkeapst en dêr makken de arbeiders gebrûk fan. In ritsje fan Frjentsjer nei Tsjummearum koste 20 sinten.

Guon stasjons steane der hjoed-de-dei noch. Soms binne se fertutearze, soms opknapt. Ek binne der in hiele protte ôfbrutsen. De measte spoarlinen ferdwûnen yn de jierren fjirtich. Yn de jierren santich wiene hast al dy lytse spoarlinen fuort. Der kamen bettere wegen, en busferbiningen namen it iepenbier ferfier oer. Doe't der ek noch minder brânstof wie om de stoomtreinen mei te stoken en in protte ûnderhâld oan de rails nedich wie, ferdwûnen de spoarlinen yn Fryslân.





Ast goed sjochst, kinst hjir en dêr yn it lânskip noch wat oerbliuwsels sjen fan dy wichtige tiid foar it spoar, sa as by Seisbierrum, dêr't noch in rest fan in spoarbrêge is. En de stasjons fansels, mei harren kenmerkjende boustyl.

De spoarlinen hawwe foar Fryslân tige wichtich west, want it spoar wie de earste manier om kennis te meitsjen mei wat der mear yn de wrâld wie bûten it eigen doarp of stêd.

En sa kin it datsto noch strjitten fynst as Spoarstrjitte of Stasjonswei, wylst der gjin rails of stasjon yn de strjitte te finen is.



Fragen nei it lêzen

1. Wêrtroch ferdwûnen de Fryske spoarlinen?

2. Kensto ek strjitnammen dy't ferwize nei dingen dy't der net mear binne?

3. Hoe fier kinst hjoed-de-dei reizgje mei iepenbier ferfier yn 24 oeren?

4. Soest it wol of net moai fine as der wer mear spoarlinen yn Fryslân komme soene en wêrom?

Troch: Youvan Bergsma

Werom yn 'e tiid


'Wolkom by ús treintocht 'Werom yn 'e tiid', seit menear Atzma fan it Snitser treinmuseum.
'Hjoed sille jimme mei de hiele klasse fan Ljouwert nei Snits ride. Yn Snits sille jimme dan it Modelspoarmuseum besykje.'
Sam gappet oerdreaun. Eelco seit heal hoastjend: 'Boring'.
Master Jansma sjocht beide jonges warskôgjend oan. 'Noch net sa lang lyn ried der in trein mei mar ien wagon tusken Ljouwert en Snits', fertelt menear Atzma. 'Dat wie faaks genôch foar it oantal minsken dy't reizgen. De trein waard doe faak bemanne troch kondukteur Popkema en masinist Sigersma', seit menear Atzma. Hy wiist op twa âldere manlju yn in kondukteur- en masinistpak.
Beide hearen sille ús hjoed de optimale eartiidske belibbing jaan fan hoe't in treinreis sa'n fyftich jier lyn der omme ta gie', seit Atzma.

Efkes letter sit it hiele spul yn de trein. Master hat oan elts in papieren kaartsje jûn.
'Net weitôgje hear, goed op passe.'
'Jawis master', seit Sam. 'Oars hawwe wy gjin optimale eartiidske belibbing omdat de kondukteur ús kaartsje net knippe kin.'
Eelco gniist. Hy spuit syn kaugom op it kaartsje, teart it dûbel en smyt it yn de prullebak.
Sam gniist mei him mei mar hâldt syn kaartsje dochs mar yn de bûse.

'Ferfierbewiis asjebleaft!' Dêr is de kondukteur Popkema al. Hy giet by elkenien del om it kaartsje te knippen. Hy docht dit hiel rêstich.
'Jou my mar gewoan in ov-chipkaart. Wat in gedoch', seit Margje.
Feikje knikt. 'Wêrom moatte wy witte hoe't it *eartiids* wie', seit se spottend. 'It is no dochs folle better? Dat âlderwetske gedoch.'

'Hoesa, jo hawwe gjin kaartsje?' freget Popkema. Hy sjocht Eelco tige strang oan.
Eelco lûkt oan 'e skouders. Hy is ek wat read om 'e holle. 'Gewoan kwyt', flústeret er.
'Hy leit fol kaugom yn de prullebak', seit Margje. Se rôlet mei de eagen. 'Dat wurdt sykjen yn de prullebak.'
De wynbrauwen fan Popkema rize omheech. 'Ik bin bang dat jo net langer mei ús mei reizgje kinne. Jo moatte in jildich ferfierbewiis hawwe. By it folgjende stasjon meie jo útstappe.'
Eelco syn holle is no hielendal read. 'Sette jo my út 'e trein?' stammeret er. 'Jawis, mar ik wachtsje earst al oant er stilstiet hear', seit Popkema.

'Menear, ik kin de wc net fine' Feikje sjocht Popkema wat benaud oan. 'Ik moat hiel nedich.'
Popkema suchtet. 'Fan 2025 ôf hawwe alle treinen yn Nederlân in wc oan board. Oant dy tiid hiene in protte treinen op koarte trajekten gjin wc. Dit âlde bistke hat it ek net.
'Ik moet no nei de wc!' Feikje is yn panyk.
'As we daliks stopje, kinst wol efkes yn 'e boskjes', seit Popkema. 'Ik freegje Sigersma wol efkes oft er wachtet.' Popkema rint nei foaren ta.
'Yn de boskjes!' ropt Feikje skrokken. 'Dy man is folslein gek! Ik kom dochs net út de oertiid.'
'Stel dy net sa oan', seit Sam. 'Bist wier sa'n sjutsje datsto net iens yn de boskjes doarst te pisjen?' seit Sam.
'Do hast maklik praten, do bist gjin famke', seit Feikje.
'Stasjon Mantgum, stasjon Mantgum!', wurdt der omroppen. 'Hjir kriget elts dy't pisje moat de kâns om de boskjes wetter te jaan. De hear sûnder kaartsje kin op it perron in kaartsje keapje.'
Feikje stoot ta de trein út. Eelco moat by it loket (de kondukteur) fan syn eigen sinten in kaartsje keapje. Wol yn euro's. Gûnen binne der spitich genôch net foar dizze eartiidske belibbing.



De trein rydt wer fierder. Se binne noch mar krekt Mantgum út riden of Margje ropt;
'In skiep! Der leit in skiep op de rêch! Dêr yn it lân.'
'Boeie!' seit Sam. 'Lekker lizze litte.'
'Ja wol boeie!' seit Margje lilk. 'Sa giet it skiep dea!'
'We moatte him rêde! Dit is in needgefal!' ropt Margje. Se draaft nei foaren en smyt de doar fan de bestjoerderskabine iepen. 'Stop! der leit in skiep op de rêch!' ropt Margje.
Sigersma wifket gjin tel. Hy drukt op de rem. De trein remmet as in gek. De remmen piipje, minsken fleane troch de trein. Guon falle op de grûn En dan stiet de trein stil.
Ald as er is, is Popkema as earste út de trein. Margje springt him efternei en begjint te draven. Se is as earste by it skiep. Popkema komt hymjend efter har oan. 'Triuwe', seit er 'Sa hurd ast kinst. 'Ien, twa, trije!' It falt net ta. It bist is swier. De facht is grou. It slagget net.
Dan ynienen binne dêr ek Sam en Eelco. 'Hjir is mankrêft nedich', swetst Eelco.
Mei syn fjouweren krije se it bist om. It skiep mekkert en draaft dan wat ferstuivere fuort.
'No, dat wie al in hiele moaie eartiidske belibbing', fynt Popkema. 'Doe't ik noch oan it wurk wie, waard de trein geregeld stil set as der in skiep op de rêch lei. Tsjintwurdich litte se se gewoan lizze. Oars binne se te let.'
'Bespotlik!' Eelco sjocht der lilk by. 'Eartiids wie it folle better!' seit er.
'Ja, guon dingen al' suchtet Popkema. 'Folle, folle better.'

Troch: Berber Splietholf - Yllustraasje: Monique Beijer


It tsjille nijs fan Tsjil

Op de Tsjil-redaksje by Omrop Fryslân hawwe wy de ôfrûne tiid net stilsitten. Wa wit hawwe jim de grutte Tsjil Tsjekt-special oer Redbad al dien. Wêr steane jimme ûnderwilens yn de ranglist? Dy ranglist is nammentlik ien fan de fernijingen op de nije Tsjil Tsjekt webside dy't yn septimber lansearre is. En dat is net alles, want ek no stiet der alwer in nije Tsjil Tsjekt foar jim klear.

Tsjil Tsjekt op reis

Is de wrâld foar jim in bytsje goed berikber? Dat is bêst belangryk want elkenien wol fansels graach sa goed mooglik fan A nei B komme. Mar wêr't de ien twa minuten nei skoalle fytse moat, moat de oar njonken de fyts ek noch mei de bus en de trein. En sa is op skoalle of wurk komme foar guon in hiele toer! Dus tiid om yn dizze Tsjil Tsjekt de ferbiningen yn ús eigen provinsje ris te tsjekken. Reizgest mei ús mei?

Hawwe jim de nije webside fan Tsjil Tsjekt al ûntdutsen?



Tsjil Tsjekt hat in nije webside. Neist de fertroude lessen binne der no allegearre nije spulfoarmen. Sa kinst kaartfragen tsjinkomme, ynspirearre troch GeoGuessr. En sa komme der de kommende tiid mear ynteraktive fragen en spultsjes by. Sa't jim witte stride klassen alle jierren om de tsjilste klasse fan Fryslân te wurden. Op de nije Tsjil Tsjekt-webside is dat net oars. Mar der ûntbruts altyd noch wat, hè? Fansels: in ranglist! No kinne jim live byhâlde hoe't jim skoalle it docht. Stean jimme foar? Of moatte der echt noch in pear lessen folge wurde? Jim hawwe it hiele jier om mei te striden om in grutte, moaie priis.

Tsjil Tsjekt 'Redbad – de Fryske kening'

Hawwe jim al op reis west nei it magyske lân fan legindaryske keningen en mytyske wêzens? Redbad wie de Fryske kening. It ferhaal fan kening Redbad spilet him ôf yn de 7de en 8ste iuw, om it jier 700 hinne. De Friezen hiene yn dy tiid in grut keninkryk fan België oant Denemarken. En dat is nochal in aventoer... Noch net mei jim klasse yn dit grutte aventoer dûkt? Spring der dan noch gau yn mei jim klasse en fertsjinje pompies foar de ranglist.



Bisten op it spoar

Wêr tinke jim oan as ik sis: der binne bisten op it spoar? Losrinnende kij? Wylde bisten? Kninen, dassen...? Der binne noch oare bisten op it spoar te finen dy't je der net sa gau ferwachtsje soene! Hokker? Lês fierder!


Hondekop

De earste is de Arend. Dy ried op it spoar. Huh? Op it spoar? Ried? Jawis! De Arend wie de namme fan de earste lokomotyf fan de Nederlânske Spoarwegen. De orizjinele lokomotyf bestiet net mear, mar in replika is noch te finen yn it Spoorwegmuseum yn Utert.


Arend

Dan is der noch de Kameel. Dat is al in wat modernere trein mei in diselmotor. Dizze trein hat in hast hielendal glêzen panorama-dak dat útstekt boppe it gewoane dak. Dêrom de namme Kameel. Hy hat in bult op 'e rêch!



Kameel

Noch ien? De Hondekop. Dat is in grut en swier elektrysk treinstel dat in hiel soad jierren tsjinst dien hat op it Nederlânske spoarwegenet en in hiel soad reizgers yn komfort fan A nei B riden hat. Wêr tinkst dat 'de Hondekop' syn namme oan te tankjen hat?

Okee, noch ien. De Muizen-neus. Dizze is wat âlder as de Hondekop en is alwer in trein mei in diselmotor. Wêr tinkst oan ast de namme sjochst? Miskien in spitsmûs? Fanwege de spitse snút?


Muizenneus

Noch in bist op it spoar? De Buffel. Dit is in moderner diseltrein-stel, dat yntusken ek al net mear op it spoar te finen is. En de namme? Hy hat in lekkere stoere kop. As fan in buffel!


Buffel

De minsken hawwe troch de jierren hinne in hiel soad nammen en bynammen betocht foar treinstellen en lokomotiven. Net allegearre bisten, mar om der in pear te neamen: Blokkedoaze, Sik en Hippel. Sykje se mar ris op.

In soad fan it âldere spoarweimateriaal is noch te bewûnderjen yn it Spoorwegmuseum yn Utert (Utrecht). In moai plak om dizze bistetreinen ris sûnder gefaar yn it echt en fan tichteby te sjen!

Troch: Rob van der Rol- Foto's: Spoorwegmuseum


In lapkespoes as stasjonsjef

Yn Japan wurke in lapkespoes jierrenlang as stasjonsjef op it stasjon Kishi. Dit stasjon koe hast net mear bestean, om't der gjin jild wie foar personiel. Allinnich yn de stasjonkiosk wurke noch ien. Om minsken de trein yn te lokjen, stelde de spoarwegen yn 2007 in bysûndere stasjonsjef oan: Tama, de kat fan de eigener fan de stasjonkiosk. En mei sukses! Toeristen kamen spesjaal foar Tama nei it stasjon. Sa koe it stasjon dochs bestean bliuwe.



IIsfûgel as ynspiraasje

De Japanske Shinkansen-treinen binne de snelste treinen fan 'e wrâld. Dochs wie der in probleem mei de earste ferzje fan dizze trein: as dy troch in tunnel ried, ûntstie der in gigantyske knal. Yngenieur Nakatsu seach nei hoe't in iisfûgel it wetter yn dûkte. Hy ferfong de stompe noas fan de trein troch in streamline noas, lykas de snaffel fan de iisfûgel. Sa ferdwûn de steurende knal. Ek waard de trein in stik sneller én ferbrûkte minder elektrisiteit.




Befalling yn 'e trein

Yn de Nederlânske Thalys (no Eurostar) tusken Rotterdam en Parys begûnen by in heechswangere frou samar de weeën. Tsjin de tiid dat de trein mei 300 km it oere troch it Belgyske lânskip raasde, wie der gjin hâlden mear oan. Fia de yntercom waard socht nei in dokter; tafallich wie der in gynekolooch oan board. De poppe waard sûn en wol berne yn de earste klasse. Fan de spoarwegen krige it jonkje as kado fergeze treinreizen oant syn 26ste jierdei.



Langste Legospoar

It langste Legospoar ea makke, is 4000 meter lang. Hendrik Ludvigsen út Denemarken hie hast 100.000 legostikjes nedich om it bouwurk te meitsjen. Sels hie hy in hiel soad rails en Legoblokjes yn hûs, mar net genôch. Mei help fan in pear kranten en ynternet slagge it om de nedige rails byinoar te krijen. Doe't it spoar oanlein wie, duorre it foar de Legotrein fjouwer oeren om de baan hielendal om te riden.



Zweinstein Express

Bisto Harry Potter-fan en soesto wolris yn de echte Zweinstein Express út de Harry Potter films ride wolle? Dat kin! Yn Skotlân rydt de Jacobite Train troch in stik fan de West Highland Railway. Yn dit stik fan Skotlân binne de opnames makke foar de Harry Potter films. Miskien kenst de sêne dêr't de Zweinstein Express oer in fiadukt nei Zweinstein rydt. Mei de Jacobite Train rydst ek oer dit fiadukt. Wau!



Gefaarlikste treinreis

De Duivelsneus-trein yn Ekwador is ien fan de meast spektakulêre en gefaarlikste treinreizen fan de wrâld. De trein rydt troch de rûge binnenlannen fan Ekwador mei prachtige fiergesichten en komt troch lokale doarpkes. By it lêste trajekt is de ôfdaling te steil foar hierspjeldebochten; de trein sigesaget tusken wiksels efterinoar foar en efterút nei ûnderen. Foarhinne mochten toeristen op it dak sitte, mar dat is no ferbean omdat it te gefaarlik is.




Pankoekreis

Witsto wol dat Fryslân in hiel bysûndere trein hat? Yn Marrum stiet in âlde stoomlokomotyf út 1914. Hy is prachtich restaurearre, dat it liket as stapst hûndert jier werom yn de tiid. En wat no sa moai is; it is ek in pankoekrestaurant! Neidat de kondukteur dyn kaartsje knipt hat, kinst út allegear soarten pankoeken kieze. Stasjon Marrum-Westernijtsjerk leit oan it âlde spoarlyntsje 'it Dockumer Lokaeltsje, de âlde spoarline tusken Ljouwert en Eanjum.




Bysûndere treinkaping

Yn 2016 miste in man de trein nei Parys, dêr't hy wurke. Yn pleats fan te wachtsjen, rûn er de masinistkabine fan in leechsteande trein binnen. Om't er eartiids in basisoplieding ta masinist folge hie, wist er de trein te starten. Hy ried allinnich — sûnder passazjiers — rjochting Parys. De spoarweiplysje murk de 'spûktrein' gau op en sette him by it earstfolgjende stasjon stil. Syn ferklearring? 'Ik hie in hiel wichtige fergadering en mocht echt net te let komme.'



Troch: Elbrich Vreeling



Spoar yn 1869

Jesse en Mare rinne nei it hûs fan Omi.
‘We binne der!’ ropt Jesse.

Omi sit oan de itenstafel. Foar har lizze allegearre âlde foto’s, tekeningen en krante-artikels.

‘Hallo Omi’, seit Mare. ‘Wat bist oan it dwaan?’

Omi sjocht ferskrikt op en glimket. ‘Ah, dêr binne jimme al’, seit se. ‘Ik bin de hiele tiid ferjitten. Ik bin in plakboek oan it meitsjen fan de skiednis fan ús famylje.’

‘Meie wy helpe?’ freget Jesse.

Omi knikt. ‘Pak mar wat drinken en kom dan mar gesellich by my sitten.’ Efkes letter sitte Jesse en Mare by Omi oan de tafel. ‘Dy foto’s en krante-artikels haw ik útsocht’, wiist Omi.

‘De krante-artikels binne yn it Ingelsk’, seit Jesse.

‘Dat kloppet’, seit Omi. ‘Us famylje komt út Amearika. Sjoch dit is myn pake’, seit Omi. Se lit in swart-wytfoto sjen fan in man mei in grutte brede hoed by in treinspoar.

‘Wauw!’ seit Jesse. ‘Wie hy in cowboy?’

Omi skoddet de holle. ‘Nee, spitigernôch net. Hy wurke foar de spoarweimaatskippij Central Pacific. Dy spoarweimaatskippij boude in spoar fan it westen nei it easten fan Amearika’, fertelt Omi. ‘Der wiene in protte bergen dy’t opblaasd wurde moasten om tunnels oan te lizzen foar it spoar. Dêr wie myn pake hiel goed yn’, seit Omi. ‘Wêrom steane der sa’n soad Sineeske minsken op de foto?’ freget Jesse.

‘Der wiene in soad minsken út Sina dy’t dêr ek wurken en mei holpen om it spoar te meitsjen’, seit Omi. ‘Arbeidsmigranten neame wy dat. Dat binne minsken dy’t foar in skoftke yn in oar lân wurkje.’

Omi wiist nei in oare foto dêr’t in groepke donkere mannen opstiet. ‘Ek in soad frij makke slaven wurken oan it spoar’, seit Omi.

‘Wat binne slaven?’ freget Mare.

‘Slaven binne minsken, yn dit gefal út Afrika, dy’t foar in oar wurkje moatte sûnder dat se dat sels wolle of betelle krije. Oare minsken binne de baas oer harren’, seit Omi.

’Jesse en Mare sjogge har ferheard oan.
‘Echt?’ seit Jesse ‘Wat gemien.’

Omi knikt. ‘Dat is it ek.’ Gelokkich is de slavernij ôfskaft. It mei no net mear, mar doe wie it gewoan’, seit Omi. ‘Myn pake kaam út it noarden fan Amearika. Dêr woene se de slavernij as earste ôfskaffe. Yn it suden woene se krekt mear slaven hawwe. Foar it ferfier fan de slaven woene se it treinspoar brûke’, fertelt Omi. Mar dat gie moai net troch. Yn 1865 is de slavernij ôfskaft. Alle slaven wiene frij. Net ien wie mear de baas oer harren. Dat neame je frij makke slaven. ‘Mar in soad frij makke slaven moasten al wurk hawwe. Se wurken bygelyks oan in it spoar’. ‘En dyn beppe dan?’ freget Mare. ‘Sy komt dochs út Afrika. Wie sy in slaaf?’ ‘Ja’, seit Omi. Se pakt in tekening fan de steapel. ‘Dit is beppe.’ Omi lit in portrettekening sjen fan donkere frou mei in holdoek om. ‘Doe’t sy frij makke waard gie sy ek foar in spoarweimaatskippy, Union Pacific, wurkjen. Sy moast helpe de arbeiders iten en drinken te jaan. De spoarweimaatskippij boude it spoar fan Omaha midden yn Amearika, nei it westen.’



Omi pakt in oare foto. ‘Dit is 10 maaie 1869. It ferhaal giet dat de direkteuren fan de beide spoarweimaatskippijen it lêste stik spoar oaninoar fêst meitsje soene mei in gouden spiker. Se slagge beide mis om’t se te folle feestfierd hawwe de dei derfoar. Doe hat myn pake de spiker deryn slein’, fertelt Omi. ‘Hy makke mear as 3000 kilometer spoar oan elkoar.’

‘Wow, Fet!’ seit Mare.

‘Dat is yndied in hiel bysûnder momint’, seit Omi. ‘En foar pake wie it hielendal in bysûndere dei. Op dy dei moeten myn pake en beppe inoar. Beppe brocht pake wat te drinken’, seit Omi. ‘Se waarden fereale. In pear jier letter binne se troud’.

‘Wat in moai ferhaal’, suchtet Mare.



‘Ja,’ seit Jesse. ‘Mar wêrom woene minsken in spoar hawwe? Dat is dochs in soad wurk?’ ‘Dat is sa’, seit Omi. ‘Mar foardat it spoar kaam, koene se allinne mar mei hynder en wein reizgje. Of se moasten hiel fier omfarre mei boaten. Oer it spoar gie reizgjen folle hurder. Boppedat wie de goudkoarts in pear jier earder útbrutsen. Der wie goud fûn en no woe elkenien fansels goud sykje’, seit Omi. Eltsenien koe no makliker nei it plak reizgje dêr’t goud fûn wie.

‘Dus elkenien wie hiel bliid mei it spoar?’ seit Mare. Omi skoddet har holle. ‘Nee, de minsken dy’t yn de binnenlannen wennen net. Der rûn samar in spoar troch harren lân, dêr’t oars nimmen kaam’, seit Omi. ‘Wa wiene de minsken dan?’ freget Mare. ‘De oarspronklike bewenners fan Amearika’, seit Omi. Der is hiel wat striid levere. Mar se koene it mei har spearen en pylken net winne fan gewearen. Der waarden stikken lân oanwiisd, reservaten, dêr’t dizze minsken libje moasten’, seit Omi. ‘Dat soe ik net pikke!’ seit Jesse. ‘Soms kinne minsken net kieze’, seit Omi, ‘en is goed dy dêr bewust fan te wêzen. Bygelyks troch stil te stean by wat wy hjir allegearre hawwe, lykas waarme poeiermolke! Litte wy dat helje!’



Troch Berber Spiethoff - Boarne: www.isgeschiedenis.nl

Op ûntdekking yn it Modelspoarmuseum

Yn it Modelspoarmuseum yn Snits stapst yn in wrâld fol treinen, spoaren, brêgen en lânskippen. Hjir ride lytse treinen yn in hiel eigen wrâld. Mar sjoch goed om dy hinne, want der is folle mear te ûntdekken as de treinen! Der binne lytse minsken, bisten, auto's en grappige situaasjes ferstoppe yn de modelbanen. Kinsto se allegear fine?

Witsto dat...

- in modeltrein wol 87 kear lytser wêze kin as in echte trein? In echte trein fan 17,4 meter lang is as model mar 20 sintimeter!
- boartersguodtreinen al mear as 100 jier besteane? It Dútske merk Märklin begûn yn de 19de iuw al mei it meitsjen fan modeltreinen.
- modelbouwers soms hûnderten oeren oan ien modelbaan wurkje? Sels in lyts hûske, beamke of perron kin al oeren wurk kostje.
- modelbouwers dingen soms mei opsetsin âld en smoarch meitsje? Mei ferve meitsje se bygelyks rusk, modder en smoargens nei.
- in modelbaan eins in grutte puzel is? De treinen, rails, wikselspoaren, stroom, ljochten, huzen en it lânskip moatte allegear goed byinoar passe.
- modelbouwers dingen soms mei opsetsin âld en smoarch meitsje? Mei ferve meitsje se bygelyks rusk, modder en smoargens nei.
- der op in modelbaan hieltyd wat nijs te ûntdekken is? Sjoch mar ris goed nei de lytse details. Faaks ûntdekst by de twadde of tsiende kear noch wat nijs!





Mei dyn klasse op stap?
It Modelspoarmuseum is ek in leuk útstapke mei dyn klasse. Der binne spesjale edukative programma's foar skoallen. Sa learst mear oer treinen, modelbou en hoe't sa'n modelbaan wurket. En it moaie is: do meist ek sels oan de slach! Sa ûntdekst net allinnich hoe't alles makke wurdt, mar kinst ek sjen wat der bart ast sels de treinen bestjoerst.



Troch: Gabrielle Terpstra - Boarne en foto's: Modelspoarmuseum Snits

Puzelside

Trochstreekpuzel

Dizze puzel stiet fol mei wurden dy't mei treinen te krijen hawwe. Streekje de wurden út de list troch as'tst se fûn hast. De letters dy't oerbliuwe foarmje in wurd. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar de krystfakânsje nei **tsjil@cedin.nl**. Graach wol efkes dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje sette.

T	M	E	R	I	B	E	S	T	I	M	M	I	N	G
O	S	A	N	A	B	O	N	N	E	M	I	N	T	F
L	E	J	S	T	I	L	T	E	K	Û	P	E	E	E
O	S	R	I	I	R	L	B	E	W	K	M	S	S	R
K	D	T	S	N	N	E	S	T	I	O	O	S	P	F
O	Û	Ô	A	T	S	I	I	I	K	N	N	P	O	I
M	B	S	F	S	A	T	S	N	S	D	T	R	A	E
O	E	M	P	R	J	P	R	T	E	U	E	I	R	R
T	L	P	M	O	E	O	P	E	L	K	U	N	O	B
Y	D	E	I	N	A	I	N	E	G	T	R	T	E	E
F	E	R	K	E	A	R	S	L	I	E	D	E	R	W
S	K	R	R	E	I	Z	G	E	R	U	L	R	G	I
E	K	O	A	N	K	O	M	S	T	R	G	I	O	I
I	E	N	F	R	A	C	H	T	T	R	E	I	N	S
N	R	R	E	I	S	P	L	A	N	N	E	R	G	G

ABONNEMINT
BESTIMMING
DÛBELDEKKER
FERFIERBEWIIS
FERKEARSLIEDER
FRACHTTREIN
KONDUKTEUR
LOKOMOTYF
MASINIST
MONTEUR
OANKOMST
OERSTAPPE
PERRON
RAILS
REISPLANNER
REIZGER
SEIN
SPOAR
SPOAROERGONG
SPRINTER


Antwurd:

De priiswinner fan de lêste puzel is **Sigrid Koster** út groep 8 fan **IBS 't Pompeblêd**.

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie: **skyldfeint**.

Mopke fan Lobke

In man sit yn de trein. Hy lit syn treinkaartsje kontrolearje troch de kondukteur. 'Mar menear, dit is in bernekaartsje', seit de kondukteur. Seit de man: 'Kinne jo neigean, hoelang't ik op dizze trein wachte haw!'




Sudoku


			1	6	8	3		
7	8		4		3	1	2	
9	1	3			7	6	4	
5	7						6	1
		1	8	7				3
		2	9		5	4	8	
	6		5					
3	2	7	6			5	1	4
1		5	7	3		8		6

Troch: Lobke en Elske Attema

BAUKE NYNKE EN BRAM


BAUKE, NYNKE EN BRAM BINNE MEI HEIT EN MEM YN DE PANNEKOEKETREIN













Troch: Reinoud Bekkema

Reinoud 08-10-'26